

Niks mei neat

it hat wier gjin doel	G7
ja ik ha sa'n gefoel	G7
de hiele bliksemse boel	C7
dy hat dochs gjin doel	G7
al wurkje ik hurd	D7
sy hat my by de sturt	C7
sadat it neat better wurdt	G7

en 't is idioat, sy hat my by de poat
want der moat wer sa'n soad, ja it is idioat
ik bin noait echt frij, myn kâns fljocht foarby
't is in lotterij

it liket healwiis, soks is my in griis
'k ha wer net in priis, dat is dochs healwiis
guon winne in skat, mar it priisnûmer dat
stiet noait op myn lot

ik haw echt myn nocht, wa hie dat no tocht
dat de tv it net docht, dêrfan ha ik myn nocht
en hoe't ik ek skop, it bliuwt wier in strop
want it bier is ek op

neat mear yn 'e hûs, lijen by de rûs
dus sjong ik myn bloes, want ik ha neat yn 'e hûs
ik bin hast by steat en spring yn de feart
want it wurdt niks mei neat

it wurdt niks mei neat, dat ha ik wol leard
'k jou my net mear bleat, it wurdt niks mei neat
hoe't in oar soma ek beart, it komt dochs ferkeard
it wurdt niks mei neat